

# Passy foar technyk

Tekst & muzyk  
Geartsje Douma

1. Ik ha in knob-bel foar tech-nyk, ik ha ta - lint. Lit my mar

skroev-je, dan bin 'k yn myn e - le - mint. Elk ap-pa-raat moat út - el - koar, ik kin 't net

lit - te, want ik wol wit - te wat-foar skroe-ven der - yn sit - te. Myn klas-ge -

noa-ten wol-le ga-me, mar ik net. Lit my mar sleu-tel-je en slo-pe, dat is fet! Ik ha in

pas-sy, pas-sy foar tech-nyk. At ik nei skoal-le moat, sit ik my te fer - bi-ten. Ik ha in

pas - sy, pas-sy foar tech - nyk. Dat ik nei skoal-le moat, dat fyn ik tiid fer - ski-ten!

2  
Us mem har mikser hie ik samar útelkoar.  
Ik draaide alle skroeven los, 't gie as it spoar.  
Mar eefkes letter koe 'k de skroeven net mear fine.  
Ik snap it net, hoe kinne se samar ferdwine?  
No leit de mikser útelkoar, dat is in strop.  
Us mem is lilik, no moat myn sparpot op 'e kop.  
Refrein

3  
Ik reitsje heit syn boarmasine net wer oan.  
Doe't ik 'm út 'e koffer helle fan 'e moarn,  
liet ik 'm falle, hy wie swierder as ik tocht hie.  
De nije boarmasine, dy't heit juster kocht hie  
wie total loss, troch my, nei ien dei al kapot.  
Us heit wie dûm, no sit de kast mei ark op slot.  
Refrein